

Taalwet of net?

Sytze T. Hiemstra

Op 23 septimber 2006 hat de 'Stifting Slach by Wârnis 1345' de jierlikse betinking op it Reaklif holden. Yn it moarnsprogramma, yn 'De Spylder' te Wârnis, waard sprutsen oer it tema 'Taalwet of net?' Hjirûnder de taspraak dy't de skriuwer fan de 'Feriening Frysk Underwiis' (FFU) dêr hold.

Nommele stalkes (of yn deistich Frysk: bêste klifgongers)

Taalwet of net, dat is de fraach dêr't wy foar byinoar sitte. Dêr makket de Stifting Slach by Wârnis him drok om. Dêr meitsje de FFU en de Ried fan de Fryske Beweging harren drok om. Yn maaie fan dit jier, op de weromreis fan in Ynterfrysk kongres yn Noard-Dútslân frege Roel Falkena ús dêrom om ús ûnfrede mei de besteande taalsituaasje hjir hjoed ûnder wurden te bringen. It giet ommers net goed of noch lang net goed mei ús taal. Net yn de oerdracht fan de taal op de bern yn de húshâldings, net op de skoallen, net by de hiele en heale oerheden, net by de omrop en oare media, net yn de soarchsektor, net yn it ekonomysk en sosjaal libben. Net, net, net ... Dêr kinne wy wekker fan

lizze. Dêr kinne wy somtiden oer dreame en dan wankt fansels altiten it gefaar fan in nachtmerje. Sa kin en wol de Fryske kommissaris ús steategearkomsten net yn it Frysk liede. It is yn Fryslân noch altiten normaal en fanselsprekkend dat bestjoerlike pommeranten it Frysk net aktyf en geregeld brûke. Dat it ek hiel oars kin, bewiist in ljochtsjend foarbyld as syn partijgenoat Arno Brok. Gjin dream, gjin nachtmerje ...

In moaie dream hie 'k fan ús deputearre Bertus Mulder. Hy swaaide mei in grut swurd yn 'e rjochter hân. "Efkes liend fan Grutte Pier", baltet er my noch hastich ta. En mei foarsje ferfettet er: "Bûter, brea en griene tsiis, op nei in taalwet foar Fryslân en it Frysk.

Goed Frysk prate en skriuwe kinne en oars sil ik jimme de fuotten spiele." In freudiaan sil my letter ferdútse wat er krekt bedoelt: ... oars gjin baan yn Fryslân, net by it iepenbier bestjoer, net by it ûnderwiis, net by de plysje, net by it rjocht, net yn de soarch en net by de media. Dat die my deugd.

Mulder hâldt in giel stik papier yn 'e oare hân. It is âld manifest fan de Ried fan de Fryske Beweging, út 1991. Eigen taal ... earste taal, stiet derboppe. 1991, fjirtich jier nei Kneppelfreed. It Hearrenfean, stiet derûnder, it plak dêr't Schurer histoarje skreau. En Mulder resitearret, ferheven en ferheftich: Wy stribje nei de ynfiering fan in taalwet dêr't yn it Fryske taalgebiet it Frysk de status fan earste taal yn kriget yn it iepenbiere libben, bestjoer, ûnderwiis en rjochtspraak. Dêrnjonken sil der in Frysktalige tillefyzjestjoerder komme moatte ûnôfhinklik fan it Nederlânske mediabestel. Dan wurdt ús deputearre wei en is it wer nacht ... yn de nane.

Dy nuveraardige dream hjitfolget my. Ik tref it dus dat Mulder hjir hjoed is om sines derfan te sizzen. Hy soe no dan ek it wurd oernimme kinne. Mar myn sprektiid is noch net om. Ik wol

dêrom in stikmannich hite hingelizers neame dy't in bettere taalwetjouwing foar 't neist needsaaklik meitsje.

1. Foarst

Wy wolle yn Fryslân, lykas oare taal-minderheden, fan de Europeeske Mienskip graach jild hawwe foar ús eigen taal. Om dêr moaie taalprojekten fan te beteljen. Dochs is it jild oant no ta bestimd foar de steatsnasjonale talen en de hiele grutte talen. In Kommisje út it Europarlemint hat sûnt in pear moanne sein dat soks net doocht en dat de lytse talen ek mei-ite moatte út it Euro-rip. Mar safier is it noch net. It soe sadwaande foar it Frysk in stik better en makliker wêze as it Frysk net allinnich as twadde rykstaal erkend wurdt, mar ek as in ko-offisjele Europeeske taal.

2. Oard

Yn dat ramt is it wer wichtich dat it Frysk mei namme neamd wurdt yn de Nederlânske grûnwet. Dat hat ek it foardiel dat de Nederlânske steatsnaasje net maklik syn ferantwurdlikens foar de Fryske taal en kultuer ôfskowe kin. En lykas de minister fan OCW hieltiten mar wer ropt: “Alles is toch goed geregeld?” En fierdersoan de hannen derôf lûkt. ‘De bevordering van de Nederlandse en de Friese taal is voorwerp van zorg van de overheid’, sokssawat soe deryn moatte. Dan wit it Ryk dat it dy soarch fierder útwurkje moat yn organike wetten, dus yn *konkrete taalwetjouwing*. En dan kin De Haach by nije inisjativen dy’t jild kostje, net hieltiten roppe: de provinsje moat earst mar. By it útfieringskonvenant foar de jierren oant 2007 wie de praktyk altiten sa: de provinsje nimt de foarstap en de ryks-

oerheid remmet ôf. Dat kin en mei sa net bliuwe. Ek it Ryk hâldt syn ferantwurdlikens foar de útfiering fan it jimme bekende *Europeeske Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden*. Noch yn 2004 hat de *Ried fan Europa* fêststelde moatten dat it Nederlânske Ryk syn ferantwurdlikens foar it Frysk oer lang net genôch neikomt.

As it hieltiten sa swier keallet, dan komt de fraach op oft it net better is dat de Provinsje Fryslân sels ek wetjower, dus ‘medewetgever’, wurdt op in stikmannich Frysk-eigen terreinen. En op dy mêden dus *mear foech* kriget. Dat is in folle sterkere posysje as dy fan no, dy fan *partij* yn in bestjoersoerienkomst. De provinsje Fryslân kin en mei net folle sûnder in goede wetlike grûnslach. Yn lannen as België, Eastenryk, Finlân, Sloweenje en Sleeswyk-Holstein is der al sa’n grûnwetlike erkenning. Dat lêste Bundesland seit bygelyks: ‘Die nationale dänische Minderheit und die friesische Volksgruppe haben Anspruch auf Schutze und Förderung.’

En tink ek ris oan Åland, Finske eilannen dêr’t Sweedsk praat wurdt, dat

foar sa’n njoggen domeinen syn eigen wetten meitsje kin. In foarm fan selsbestjoer foar in befolking fan likernôch 27.000 ynwenners! In ideale basis om de eigen taal en kultuer te beskermjen en fuort te sterkjen.

Fan de Fryske gemeenten moatte wy net folle ferwachtsje: dy hawwe net folle ambysje en sette net folle belied op papier.

3. Tred

Fansels, der is wol wat wet- en regeljouwing foar it Frysk. Mar dy is tige fragmintarysk en der sit absolút gjin gearhing yn. It giet mei dy wetjouwing ek net fierder as in pear maatskiplike domeinen (ûnderwiis, justysje, oerheid, media en kultuer). Wý hawwe it idee dat in oerkoepeljende Fryske taalwet fan belang wêze kin om de knypunten op al dy maatskiplike mêden op te lossen. Soks kin in ramt biede om de taken en it foech foar sokke domeinen fêst te lizzen en om te ferwizen nei al besteande wetjouwing.

Sa’n *Ramtwet foar de Fryske Taal* soe yn it foarste plak de posysje fan it Frysk as

twadde rykstaal fêstlizze moatte. Mar dat is net genôch. De Friezen witte net wat har taalrjochten binne en hoe’t se dêr in goed gebrûk fan meitsje kinne. Se soene by in nasjonale ombudsman terjochte kinne moatte as se tinke dat se yn har taal diskriminearre wurde. In taalwet moat dus ek in gearfetting biede fan alle besteande wet- en regeljouwing. De rjochten fan yndividuele boargers soene dêr goed yn omskreaun wurde moatte. En ek de kollektive rjochten en plichten fan oerheden en oerheidsorganen.

It is in grutte handikap foar Fryslân dat de Provinsje yn namme wol de earstferantwurdlike is foar de Fryske taal en kultuer, mar amper foech hat om needsaaklik belied troch te setten. Ja, befoarderje, koördinearje en fasilitearje mei jild en minsken, dat mei, mar dan hâldt it wol op. Oftwinge en sanksjonearje, lykas by it Ryk, is der net by. En skoallen ûntheffing jaan fan de ferplichting om Frysk te jaan, dat mei ek noch. Untheffings dy’t foar it Hollânsk net besteane.

Ik neam in pear oare knyp punten.

- a. Ut eigen waarnimmings, út ynspek-
sjer rapporten en rapportaazjes fan
saakkundigen fan de Rie fan Europa
witte wy dat it ûnderwiis yn de
Fryske taal en kultuer net bêst is. Mei
de kwaliteit (bygelyks geef Frysk
brûke yn de les) en de kwantiteit
(bygelyks it tal lesroeren en de troch-
geande line) liket it wol op fleanen.
Utsûnderings lit ik gewurde. Kin in
taalwet rêding biede as it giet om it
ferplichte oanbieden fan it Frysk op
alle skoallen yn alle klassen? En it
ferplichte folgjen fan it Frysk troch
yn prinsipe alle learlingen dy't yn
Fryslân ûnderwiis krije? Mei it Frysk
as in ferplichte eineksamenfak, lykas
it ta Nederlânsk promovearre Hol-
lânsk ek in ferplichte eksamenfak is?
- b. De measte liedsters dy't fan it
middelber beropsûnderwiis komme
en studinten dy't de pabû dien
hawwe, kinne it Frysk almeast noch
lang net flot en geef prate en skriu-
we. Hoe meitsje wy dêr in ein oan
by it al sittende persoanen en by it
takomstige persoanen dat fan it mbû
en de pabû komt? De fraach is wer:
taalwet of net?

- c. It brûken fan de Fryske taal as fier- en
ynstruksjetaal by oare fakken as Frysk,
dat ek wol yntegraal taalûnderwiis
neamd wurdt, wol mar net fan de
grûn komme yn it basis-, fuortset en
spesjaal ûnderwiis. Dat soe oars en
better regele wurde moatte foar dy
fakgebieten. Taalwet of net?
- d. De *learars* dy't it Frysk by dy oare
fakken, by skiednis, biology, ier-
drykskunde, rekkenjen en wiskunde
en sa as *ynstruksjetaal* brûke, hearre dat
likegoed yn geef Frysk te dwaan.
Oars is it dweilen mei de kraan
iepen. Wat moatte se hawwe oan
algemiene Fryske taalbehearsking?
En wat moat har kennis fan de
Fryske terminology, de faktaal fan
sa'n fak wêze? Taalwet of net?
- e. It drama mei de ûntwikkeling fan
*kearn*doelen foar de Fryske taal en kul-
tuer hat ús leard dat it goed mis giet
as dy bûten de provinsje om fêststeld
wurde. Lykweardigens en lykber-
jochting op dat mêd is fûl foar
striden. Ek troch de FFU. Ek troch
Provinsjale Steaten. It hat neat hol-
pen yn De Haach. Hoe sokke tra-
geedzjes foar te kommen? En tenei
te soargjen dat dy doelen op syn

minst lykweardich binne oan dy foar
it Hollânsk? En heart dêr ek net in
Fryske *kanon* by? Taalwet of net?

- f. Der is gjin of amper *earmerke ryksyn-
speksjeformaasje* foar it tafersjoch op it
ûnderwiis yn de Fryske taal en kul-
tuer. Hoe meitsje wy dêr in ein oan?
Taalwet of net?
- g. De measte ynspekteurs fan it basis-
en fuortset ûnderwiis dy't yn Fryslân
ynspektearje, hawwe it Frysk net of
amper yn 'e macht. It binne noch
altiten heale en hiele analfabeten
(frisibeten) yn ús taal. Ien hat koart-
lyn it A-diploma helle en kin it sa-
dwaande op begjannersnivo skriuwe.
It is oant no ta de iennichste. Wat
moat der barre dat alle Fryske
ynspekteurs de kwaliteit fan it Fryske
taalgebrûk yn de klasse wol goed
beoardielje kinne en maatregels foar
ferbetterings oan de skoallen útstelle
of easkje kinne? Taalwet of net?
- h. Wy achtsje it in tekoart dat gâns
skoolbegelieders, útsein dy fan it
Taalsintrum Frysk, gjin oplieding hân
hawwe op it mêd fan de meartal-
igens en dochs yn it offisjeel twatali-
ge Fryslân wurkje. En faak sels it
Frysk ek net geregeldwei brûke

kinne of meie. Kin in taalwet dat fer-
betterje?

- i. Noch altiten is der yn Ljouwert gjin
universiteit dêr't it oplieden fan saak-
kundigen yn minderheidstalen sin-
traal stiet. Kin in taalwet dêrby
helpe?
- j. It rint net sa hurd mei it taalbelied
foar it Frysk by de gemeenten, it
weterskip en de dekonsintrearre
rykstsjusten yn ús provinsje. Dat soe
minder útnoegjend en dus minder
frijbliuwend regele wurde moatte. It
is better yn te setten op in *aktyf* Frysk
taalbelied: in belied dat net ôfwach-
tet oft in boarger Frysk praat of
skriuwt en dêr dan by oanslút. Of
dat faak net iens. Alle amtners, plys-
jes, rjochters en offisieren fan justys-
je soene Frysk prate en skriuwe
kinne moatte, oars wurdt it nea wat
mei it Frysk yn it amtlik ferkear en

by de rjochtbank. Tolken soene net nedich wêze moatte. Kin in taalwet net befoarderje dat it Frysk dêr op syn minst lykweardich en lykberjochtige oan it Hollânsk mûnling en skriftlik brûkt wurdt? Wy fererearje oan it manifest fan de *Ried fan de Fryske Beweging* út 1991: *Eigen taal ... earste taal.*

k. De Fryske taal en kultuer hat ferlet fan in algemiene Frysktalige lanlike tv-stjoerder mei in 'volledige en veelzijdige programmering' neffens de tredde bestjoersôfspraak. Dy ambysje hie yn 2004 realisearre wêze moatten. Noch altiten wurde de âlderein, ús jongerein en ús bern oerspield en bombardearre mei Hollânsk. Dat hat út soarte in grutte negative ynfloed op de kwaliteit en behearsking fan it Frysk, benammen fan de jongste generaasjes. Draacht in taalwet dan

net by ta de oplossing? Kin it oerebedrach dat foar sa'n programmearring nedich is, ek net better yn it taalwet regele wurde?

l. De soarch is in domein dêr't de provinsje it minste oer te sizzen hat. Op beliedsnivo is der by ûnderskate soarchynstânsjes hast gjin omtinken foar it plak en funksje fan it Frysk. Dat wurdt ek konstataarre yn de ûntwerpbeliedsnota *Frysk yn Fryslân, better sichtber, mear fertroud*. Wy ferwachtsje net dat it troch ien projektmeiwurkster en in klankboerdgroep hurd better wurde sil. In ynspeksje-organ liket ús tige winsklik. Wat kin in taalwet betsjutte foar dizze sektor?

Bêste klif-freonen. Myn sprektiid is om. Ik haw grif noch hiel wat saken fergetten. Mar it byld is dúdlik. Wy hawwe in *Hânfêst foar Regionale talen of Minderheidstalen*. 48 ferdrachferplichtings wachtsje op in flotte ymplementaasje fan it Frysk yn ferskillende maatskiplike domeinen. Dat keallet swier. Te swier. Wy hawwe ek in *Kader- of Ramtferdrach Beskerming Nasjonale Minderheden*. Dat ferdrach erkent de Friezen as iennichste 'nasjonale minderheid' yn Nederlân.



Soks skept ferplichtings. Wy moatte ta op in folweardich plak fan it Frysk yn Fryslân.

It is noch gjin fiif foar tolven foar it Frysk. Mar de tiid hâldt gjin skoft en de gefaren nimme ta. Wy soene as FFU, as *Ried fan de Fryske Beweging* en as *Stifting Slach by Warns* graach wolle dat in taalwet foar it Frysk yn de kommende regearperioade foar ús politisy yn it midpunt komt te stean fan har tinken en hanneljen. Wy tinke dat de folgjende sprekker, deputearre Bertus Mulder, perfoarst net de minste fan harren west

hat. Net yn syn taalhâlding, net yn syn taalgedrach en net yn syn taalbelied. 'Net de minste' is yn it Frysk in wize fan sizzen dy't wurdearring ynhâldt. Dat hoech ik hjir eins net út te lizzen. Wy hoopje dat gâns oare politisy harren oan Bertus Mulder en syn grutte partijgenoat Fedde Schurer silger spjelje sille. Schurer lit ús noch altiten mei ynmoed syn striidsang 'War dy!' sjonge. Dat freegje wy fan ús politisy: *War jimme! De findels foar!* Soargje derfoar dat de provinsje Fryslân 'medewetgever' wurde kin en dat der in bettere taalwetjouwing komt. *Eala fria Fresena ...*